

## Gemeente Achtkarspelen

KATEGORY	OANTAL	YNVESTARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	11	€ 207.686
 KEUNST EN KULTUER	8	€ 66.772
 LEEFBERENS	18	€ 229.573
 MIENSKIP EN BEDRIUW	3	€ 94.600
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	21	€ 298.706
 SPORT	12	€ 275.416
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	3	€ 97.579
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	13	€ 6.500

## Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

**Sijbe Knol**  
Deputearre Leefberens



## GEMEENTE ACHTKAR SPELEN

# 10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Achtkarspelen. Hjiryn kinne jo sjen hoefolle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsydzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklikker en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it streekhûs Noardeast Fryslân wat fêstige is yn Burgum. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: [fryslan.fr/imfoanfreegje](https://fryslan.fr/imfoanfreegje).

# 89

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 1.276.832 troch de provinsje Fryslân ynvestearre yn projekten binnen gemeente Achtkarspelen. Dat is € 45,19 de ynwenner.

YNVESTARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân  
€ 1.276.832



Multiplier 3,64

ÚTLICHT:

## Mei Elkoar Yn Droegeham


Yn 2019 is kearngroep Mei Elkoar Yn Droegeham (MEYD) yn it libben roppen, mei as doel om de leefberens yn Droegeham te ferbetterjen. Dêrfoar lei MEYD de klam op sosjale gearhing. Dêrom is nei de fúzje mei Stichting Jongerenwerk Droegeham it eardere jeugdhonk folslein renovearre. It jeugdhonk is op 'en nij skildere en der is nije beklaaiing op 'e bar, meubilêr, raamdekoraasje en fotobehang kommen. Dêrtroch is der in húslike sfear yn de nije Doarpskeamer ûntstien. De Doarpskeamer hat ek in doar nei de gymnastykseal krige om sport en moeting yn it doarp te stimulearjen.



# Projekkaart gemeente Achtkarspelen

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projekkaart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Achtkarspelen.



## TALJOCHTING:

- |   |   |  |
|---|---|--|
| <br>Energjy en Duorsumens              | <br>Keunst en Kultuer          | <br>Leefberens      |
| <br>Mienskip en Bedriuw                | <br>Natuer en Kultuerhistoarje | <br>Sport           |
| <br>Ferduorsumjen<br>Mienskipsgebouwen | <br>Soarch en Wolwêzen         | <br>Fryslân Ferbynt |

NIJSGJIRICH NEI DE PROJEKTEN?



OANTAL PROJEKTEN: 89

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 4.649.032

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 1.276.832